


Snein 8 febrewaris 2026
Sint Jan te Deinum



Foargonger: Lammie de Vries
Âlderling: Luttie Iepema-Heeringa
Diaken en Lektor: Renske van der Meer
Organist: Ruurd Salverda
Kollekte doel: "Because we carry"

Wolkom en meidielingen

Liet 276

Stilte - Fotum en Groetnis

Liet 981

Gebed

Liet 195 Lyts gloria

Bibellêzing: Mattéus 6:7-13

77As jimme bidde, doch it dan net mei in omhaal fan wurden sa't de heidens dogge. Dy miene omers, dat der better nei harren harke wurde sil, neigeraden se mear wurden brûke. 8Nee, doch dêr net oan mei. Jim Heit wit omers al, foar't jim derom freegje, wat jimme brek binne. 9Dêrom moatte jimme sa bidde: Us Heit yn 'e himel, lit jo namme hillige wurde, 10lit jo keninkryk komme, lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel. 11Jou ús hjoed ús deistich brea 12en ferjou ús ús skulden sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe; 13en lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade; [want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen.]

Johannes 6: 30-35

30Hja seinen fierders tsjin Him: Wat teken dogge Jo dan, dat wy it sjen meie en Jo leauwe? Wat dogge Jo? 31Us foarâlden hawwe it manna iten yn 'e woestyn, lykas beskreaun stiet: Brea út 'e himel joech Er harren te iten.

32Doe sei Jezus tsjin harren: Wiswier, wiswier, dit sis Ik jimme: Mozes hat jimme it brea út 'e himel net jûn, nee, myn Heit jout jimme it echte brea út 'e himel; 33it brea fan God is Hy dy't út 'e himel delkomt en de wrâld it libben jout. 34Doe seinen se tsjin Him: Hear, jou ús altyd dat brea. 35Jezus sei tsjin harren: Ik bin it libbensbrea; dy't by My komt sil gjin hunger wer hawwe en dy't oan My leaut sil noait wer toarst krije.

Johannes 12:23-24

23Jezus joech harren ta antwurd: De tiid is kommen, dat de Minskesoan ferhearlike wurde sil. 24Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, as de nôtkerrel net yn 'e grûn falt en stjert, bliuwt er allinne; mar as er stjert, jout er gâns frucht.

Liet 653: 1,2,3 en 7

Preek

Liet 385

Gebeden

Taljochting kollekte doel

Nachtmiel

Utnûging (rûnte yn it koar)

Nachtmielsgebed en God fan fier en hein ús Heit

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.
Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

Ynstellingswurden

Fredesgroet

V: De frede fan Kristus is mei jimme allegearre.

G: En Syn frede is mei jo.

Dielen fan brea

Liet 833 (2x)

Nim my, nim my sa't ik bin,

wiis my hoe't ik wêze sil

Set Jo segel op myn hert en lib-je yn my.

Dielen fan wyn

Liet 833 (2x)

Nim my, nim my sa't ik bin,

wiis my hoe't ik wêze sil

Set Jo segel op myn hert en lib-je yn my.

Tanksizzing

Liet 381:6

Myn Libbensfoarst, Jo leafde hat gin ein.

Jo ha myn honger en myn toarst ferslein.

Ik libje inkeld as 'k mei Jo ferkear;

'k wol altyd yn jo mienskip bliuwe, Hear.

Seine + 425

Wy gean mei Jo segen bliermoedich ús wegen,
jo wurd fan omhegen joech ús nije moed.

Hy dy 't ús behâld is, it ljocht fan 'e wrâld is,
wol waarmje wat kâld is mei syn leafdegloed.

Wat Kristus ús learde is sied ta bekearing,
wy siedzj' it op ierde en wachtsj' op wat komt.

En ûnder de Hoede fan Him dy 't ús stjoerde
sill' leafde en goedens aanst dije rûnom

Kerkdienst 15 februari

9.30 uur in Boksum

Voorganger: C. Glashouwer

Activiteiten in 'ons huis':

11 februari 10 uur: Praatoerke

18 februari 19.30 uur: Boekbespreking: De laatste dag
van de veerman

Banknummer Diaconie Terpoarte:

NL47RABO 0313 2001 81

Banknummer PG Boksum-Blessum-Deinum:

NL 88 RABO 0119357941